



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Friezen op sosjale media

Jongbloed-Faber, L.

2015

document version

Publisher's PDF, also known as Version of record

document license

Unspecified

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Jongbloed-Faber, L. (2015). *Friezen op sosjale media: Rapportazje ûndersyk Taalfitaliteit II*. Fryske Akademy - Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl



Friezen op sosjale media

Lysbeth Jongbloed-Faber

Rapportaaazje ûndersyk Taalfitaliteit II

Project manager: Cor van der Meer

Novimber 2015

De Friezen op sosjale media

Rapportaaazje ûndersyk Taalfitaliteit II

Troch:

Drs. Lysbeth Jongbloed-Faber

Projektlieder:

Drs. Cor van der Meer

Ferantwurdig

Dit ûndersyk is útfierd troch it Mercator Research Centre fan 'e Fryske Akademy mei stipe fan Provinsje Fryslân en yn gearwurking mei Praat mar Frysk.

Wy wolle ús tank útsprekke foar de stipe fan de amtners fan de Provinsje Fryslân en oan de meiwurkers fan de Fryske Akademy dy't meitocht en meiwurke hawwe oan it ta stân kommen fan it ûndersyk, de analyze en rapportaaazje. Spesjale tank giet út nei Mirjam Vellinga en Sito Wijngaarden fan Praat mar Frysk (Afûk) foar de goede gearwurking en harren stipe by it útsetten fan it ûndersyk, en nei dr. Edwin Klinkenberg, ûndersiker by de Fryske Akademy foar syn rol yn it ta stân kommen fan dizze rapportaaazje.

Ljouwert, novimber 2015

Foto omslach: Hindrik Sijens

Ynhâldsopjefte

Ynhâldsopjefte.....	3
Gearfetting	5
1. Ynliding	8
2. Teoretysk kader	9
3. Metoade	12
3.1 Fragelist	12
3.2 Kwalitatyf ûndersyk	14
3.3 Ynfloed fan bekende Friezen	15
4. De sifers	16
4.1 De dielnimmers	16
4.2 It gebrûk fan it Frysk.....	16
4.3 It gebrûk fan Frysk op sosjale media	17
5. De fokusgroepdiskusjes	20
5.1 Fryske jongeren	20
5.1.1 Frysk op sosjale media.....	20
5.1.2 App-e mei heit en mem	21
5.1.3 Skriuwfeardigens	22
5.1.4 Taalhâlding	22
5.2 Folwoeksenen.....	23
5.2.1 Frysk op sosjale media.....	23
5.2.2 Skriuwfeardigens	24
5.2.3 Taalhâlding	25
6. Ynfloed fan bekende Friezen.....	26
6.1 Doutzen Kroes	27
6.2 Gerrit Hiemstra.....	28
6.3 Lieuwe Westra.....	28
6.4 Konklúzjes.....	29

7.	Ynternasjonale oriïntaasje en gearwurking.....	30
7.1	Wales en Fryslân.....	30
7.2	Frysk en Limburchsk op Twitter	31
7.3	Ynternasjonale gearwurking en omtinken foar it Frysk op sosjale media	32
8.	Konklúzjes en oanbefellingen.....	34
8.1	De ûndersyksfragen.....	34
8.2	Taalkarmodel en oanbefellingen.....	35
8.3	In pear lêste wurden	38
	Referinsjes	39

Gearfetting

Sosjale media lykas Twitter, Facebook en WhatsApp wurde hieltyd belangriker yn it deistich libben. Foar minderheidstalen wurde it ynternet en de sosjale netwurken somtiden beskôge as in bedriging, mar somtiden ek as in kâns. Oan de iene kant binne der op it ynternet wit hoefolle mooglikheden ûntstien om skreaune en sprutsen teksten yn in minderheidstaal te bewarjen en te fersprieden. Oan de oare kant, mar in pear talen dominearje it ynternet.

Yn 2013 en 2014 is mei finansjele stipe fan de Provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert ûndersyk dien ûnder rom twatûzen Fryske jongeren nei harren taalgebrûk op sosjale media. It ûndersyk is yn Fryslân en dêrbûten mei in soad entûsjasme ûntfongen en hat Fryslân ek tige nijsgjirrich makke nei it hâlden en dragen op sosjale media fan folwoeksenen. Mei finansjele stipe fan de Provinsje Fryslân hat de Fryske Akademy dêrom yn 2014 en 2015 ûndersyk dien nei it taalgebrûk fan folwoeksenen op sosjale media en is ek it ûndersyk ûnder de Fryske jongeren trochset mei kwalitatyf ûndersyk. De ûndersyksfragen dy't wy mei dit nije ûndersyk beânderje wolle, binne:

- I. Hokker fariabelen beynfloedzje it brûken fan it Frysk troch Frysktaligen fan alle leeftiden op sosjale media? Hoe grut is de ynfloed fan de ferskate fariabelen op it brûken fan it Frysk op sosjale media en hoe wurkje dy fariabelen opinoar yn?
- II. Wat is de ynfloed fan Frysktalige rolmodellen op it brûken fan it Frysk op sosjale media?
- III. Yn hoefier is it brûken fan de Fryske taal op sosjale media te fergelykjen mei it brûken fan minderheidstalen yn oare Europeeske regio's?

Om in antwurd jaan te kinnen op boppesteande fragen is ûnder oaren in wiidweidich ûndersyk ûnder Friezen mei help fan in fragelist dien, binne der acht fokusgroepdiskusjes holden mei jongeren en folwoeksenen en is it effekt metten fan Fryske tweets fan trije bekende Friezen.

Utkomsten fragelist

De fokus fan de útkomsten fan de fragelist leit op de dielnimmers dy't yn Fryslân wenje en dy't mei beide âlden Frysk prate(n). De dielnimmers binne net represintatyf foar alle (Frysktalige) ynwenners fan Fryslân, mar de útkomsten ferklearje likegoed in soad. It Frysk wurdt as sprektaal it measte brûkt troch de dielnimmers, rom 90% brûkt faak of altyd Frysk as hja oan de telefoan of mei freonen prate. Yn skriftlike kommunikaasje nimt it brûken ôf, en dan benammen ek by de mear formelere e-mails, mar it Frysk wurdt noch hieltyd troch in krappe mearderheid fan de respondinten faak of altyd brûkt.

Ek troch folwoeksenen wurdt it Frysk it faakst brûkt op WhatsApp. Sawat 20% brûkt altyd Frysk, sa'n 50-60% brûkt it Frysk faak en ûnder de 10% fan de minsken brûkt it noait. Op Twitter en by 'status updates' op Facebook wurdt it Frysk it minst frekwint brûkt. Ek it oandiel minsken dat it noait brûkt is by dizze berjochten it grutst (likernôch 20%). Mei de sammele data is it mooglik om de fariaasje fan it gebrûk fan Frysk op sosjale media te keppeljen oan in tal fariabelen. Immens skriuwfeardigens komt as wichtichste fariabele nei foaren. Fuort dêrefter oan folgje it oandiel kontakten op WhatsApp dat Frysk praat en de hâlding foar it Frysk oer.

Fokusgroepdiskusjes

Ut de fokusgroepdiskusjes docht bliken dat it Frysk op sosjale media hiel ferskillend brûkt wurdt: guon brûke allinnich mar Frysk en oaren (hast) net. In soad jongeren fine it hiel gewoan om Frysk te brûken, se tinke en prate ek yn it Frysk, dus brûke se it Frysk ek op sosjale media. It is foar harren de gewoanste saak fan de wrâld. Mar der binne ek jongeren dy't net sa faak Frysk brûke: it kostet harren muoite om Frysk te skriuwen of hawwe in soad Nederlânsktalige freonen. Ek troch folwoeksenen wurdt it Frysk hiel ferskillend brûkt, mar de skriuwfeardigens spilet yn de diskusjes in grutte rol: it argumint "Ik soe wol wolle, mar ik kin it net" komt faak werom.

Ynfloed fan bekende Friezen

Fryske tweets fan bekende Friezen kinne in soad reaksjes útllokje. De reaksjes binne net perfoarst yn it Frysk en ek net altyd posityf. Analyze lit sjen dat Friezen dy't gewoanwei net sa faak Frysk brûke op Twitter, dat wol dogge yn harren reaksjes. De bekende Fries set dus mei oare wurden mei har/syn Fryske tweet de Friezen oan om it Frysk te brûken.

Konklúzjes

Ut it fragelistûndersyk docht bliken dat it brûken fan Frysk op sosjale media mei yntrinsike en ekstrinsike fariabelen te krijen hat. De fariaasje kinne wy foar hast de helte ferklearje mei dizze fariabelen, wêrby't de gearhing mei skriftlike kompetinsjes, it online publyk en de taalhâlding it grutste binne. Ut de fokusgroepdiskusjes komt fierder nei foaren dat net allinnich de hâlding foar it Frysk oer wichtich is, mar ek de hâlding foar it Nederlânsk oer. Wat moaier as minsken it Frysk fine en wat minder moai as minsken it Nederlânsk fine, wat grutter de kâns dat hja Frysk brûke sille op sosjale media.


De ynfloed fan Frysktalige rolmodellen op it brûken fan Frysk op sosjale media liket koartduorjend te wêzen. It brûken fan Frysk troch bekende Friezen trunet minsken oan om it Frysk yn in reaksje te brûken. Fryske tweets lykje wol geskikt om yn tarieding op in evenemint Friezen te aktivearjen; jo moatte dêr lykwols net te betiid mei begjinne, mar koart derfoar. De konklúzjes komme oerien mei it ûndersyk nei it effekt fan de Fryske Twitterdei.

By it fergelykjen fan it brûken fan de Fryske taal op sosjale media mei oare minderheidstalen yn Europa falt op dat der yn de literatuer soartgelikense barriêres fûn binne om in minderheidstaal te brûken. It oansprekke wollen fan elkenien yn stee fan allinnich de minderheidstaalsprekkers komme wy ek yn oare lannen tsjin. Spitigernôch liket de beheinde skriuwfeardigens yn de eigen taal foar de Friezen de grutste drompel te wêzen om it Frysk net, of minder faak, te brûken, eat dat by oare bestudearre minderheidstalen gjin rol spilet. De Friezen hawwe it yn dy sin dus dreger as oare sprekkers fan minderheidstalen.

Taalkarmodel en oanbefellingen

It is dúdlik wurden dat der in hiel soad barriêres binne foar Frysktaligen om Frysk te brûken op sosjale media. Basearre op it ûndersyk dat wy de ôfrûne oardel jier dien hawwe, hawwe wy in skematyske taalkarmodel útwurke (sjoch Figuer 0.1).

Figuer 0.1 Skematysk taalkarmodel foar Frysk of Nederlânsk op sosjale media



Op ferskate plakken yn dit model binne foar de Provinsje Fryslân mooglikheden om yn te heakjen om it brûken fan it Frysk fuort te sterkjen. Sa kin de Provinsje Fryslân mei help fan in kampanje, bygelyks yn gearwurking mei Praat mar Frysk, ynsette op de meartalige situaasje yn Fryslân. Minsken soenen it gewoan fine moatte dat de iene Frysk praat en de oare Nederlânsk. Wy fersteane inoar bêst en it soe moai wêze as wy it natuerlik fine om dy talen trochinoar en tsjininoar te brûken, en faker ús memmetaal doare te sprekken en skriuwen. Ek yn it ramt fan Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018 en mear spesifyk it projekt Lân fan Taal lizze der mooglikheden om dy situaasje besykje te trochbrekken. Fierder soe de hâlding foar it Frysk oer positiver kinne. Op jonge leeftiid soe it bewust wêzen fan de bysûnderheid om in minderheidstaal te sprekken en twatalich te wêzen fergrutte wurde kinne, bygelyks yn it ûnderwiis. Ek de ûntwikkeling fan apps mei Frysktalige spultsjes, ferhaaltsjes en ferskes slút hjir goed op oan, dêr wurdt de lêste jierren al folop op ynset.

De wichtichste taak fan de Provinsje Fryslân leit neffens ús by it alhiel ferbetterjen fan de skriuwfeardigens fan de Friezen yn harren eigen memmetaal. Twa tredde fan de dielnimmers jout oan dat se it Frysk graach better leard hie. De basis dêrfoar leit fansels by it primêr en fuortset ûnderwiis. De groei fan it tal trijetalige skoallen is hiel posityf, mar ek op reguliere skoallen kin it omtinken foar it Frysk optimalisearre wurde. Om de folwoeksen Friezen te helpen by it wrakseljen mei harren memmetaal lizze der mooglikheden foar de Afûk. Digitale helpmiddels kinne dêrneist ek in grutte rol fan betsjutting spylje. Yn beide gefallen is stipe fan de Provinsje Fryslân ûnmisber.

1. Ynlieding

Yn 2013 en 2014 is der mei finansjele stipe fan de Provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert ûndersyk dien nei it taalgebrûk fan Fryske jongeren op sosjale media. It ûndersyk is yn Fryslân en dêrbûten mei in soad entûsjasme ûntfongen en hat Fryslân ek tige nijsgjirrich makke nei it hâlden en dragen op sosjale media fan folwoeksenen. Mei finansjele stipe fan de Provinsje Fryslân hat de Fryske Akademy dêrom yn 2014 en 2015 ûndersyk dien nei it taalgebrûk fan folwoeksenen op sosjale media. Neist it ûndersyk ûnder folwoeksenen is ek it ûndersyk ûnder de Fryske jongeren trochset. Foar jo leit de rapportaazje mei de wichtichste útkomsten. De rapportaazje bestiet út acht haadstikken. Nei dizze ynlieding wurdt yn haadstik 2 it teoretysk kader fan it ûndersyk útlein. Yn haadstik 3 wurdt de metoade fan ûndersyk beskreaun. Dêrnei folget yn haadstik 4 in oersjoch fan de wichtichste sifers fan de wiidweidige enkête ûnder rom tûzen Friezen tusken de 15 en 94 jier. Yn haadstik 5 stiet in gearfetting fan de wichtichste diskusjepunten fan de fokusgroeppearen. De ynfloed fan bekende Friezen is it ûnderwerp fan haadstik 6. Yn haadstik 7 geane wy yn op de (ynter)nasjonale oriïntaasje en gearwurking. Ta einbeslút steane yn haadstik 8 de konklúzjes en oanbefellingen.


2. Teoretysk kader

Sosjale media lykas Twitter, Facebook en WhatsApp wurde hieltyd belangriker yn it deistich libben. Foar minderheidstalen wurde it ynternet en de sosjale netwurken somtiden beskôge as in bedriging, mar somtiden ek as in kâns. Oan de iene kant binne der op it ynternet talleaze mooglikheden ûntstien om skreaune en sprutsen teksten yn in minderheidstaal te bewarjen en te fersprieden, mar ek om sprekkers fan minderheidstalen mei-inoar te ferbinen, wêr't se op de wrâld ek binne. Oan de oare kant, mar in pear talen dominearje it ynternet: mear as de helte fan de websiden yn 'e wrâld binne yn it Ingelsk en nochris 25% fan de websiden binne yn it Russysk, Dútsk, Japansk of Spaansk (http://w3techs.com/technologies/overview/content_language/all, data fan oktober 2015).

Yn 2013 en 2014 is der ûndersyk dien ûnder rom twatûzen Fryske jongeren nei harren taalgebrûk op sosjale media. It ûndersyk lit sjen dat de helte fan de Fryske jongerein op sosjale media Frysk brûkt (Jongbloed-Faber, 2014a). By de Fryske jongerein dy't troch beide âlden yn it Frysk opbrocht binne, leit it oandiel dat wolris Frysk brûkt op sosjale media op 81%. It Frysk is lykwols noch hieltyd mear in sprektal as in skriuwtaal, dat hawwe de sosjale media (noch) net feroare. De dominânsje fan it Nederlânsk yn de skriftlike domeinen is wat dat oanbelanget dreech troch te brekken. Wylst 81% fan de Frysktalige jongerein (beide âlden Frysk) faak of altyd Frysk praat mei freonen, brûkt 44% it Frysk faak of altyd yn sms'kes en 15% it Frysk yn e-mails. Sawat de helte fan de Frysktalige jongerein brûkt faak of altyd Frysk op Whatsapp: by ien-op-ienberjochten leit it wat heger (54%) as by Groeps-Whatsapp (46%). Op Twitter brûkt in kwart fan de jongerein faak of altyd Frysk: ek op Twitter leit it brûken yn berjochten foar ien persoan heger (29%) as by algemiene tweets (24%). Om in steat by te wurkjen op Facebook brûkt ien fiifde (20%) it Frysk faak of altyd, in tredde (34%) brûkt it faak of altyd by priveeberjochten.

Ferskate fariabelen binne fan ynfloed op it wol of net brûken fan it Frysk op sosjale media. De fariabelen dy't de heechste gearhing hawwe mei it brûken fan Frysk op sosjale media binne hoefolle as ien Frysk praat mei freonen, de taalhâlding Frysk, de skriuwfeardigens en de taalhâlding op skoalle. Sawol ynterne as eksterne fariabelen soargje dus foar de fariaasje yn it gebrûk. Oan de iene kant de ynterne fariabelen, de skriuwfeardigens en de taalhâlding fan de jongere en oan de oare kant de eksterne fariabele, de freonerûnte fan ien: dêrby spylje it taalgebrûk yn offline-situaasjes en de taalhâlding dy't freonen hawwe in rol. Yn Figuer 2.1 stiet skematysk werjûn hoe't de taalkar by in Frysktalige jongere ta stân komt.

Figuer 2.1 Skematysk taalkarmodel



Wy kinne no al oanjaan dat it ûndersyk nei Fryske jongerein lykwols neist antwurden ek nije fragen oproppen hat: de fariaasje yn it gebrûk fan it Frysk ûnder Frysktalige jongerein is grut. Ek al is it mooglik om in part fan de fariaasje te ferklearjen, noch net alles is dúdlik. Kwalitatyf ûndersyk ûnder Fryske jongerein soe dy fariaasje noch better ferklearje kinne. Tagelyk is it ek tige nijsgjirrich om it taalgebrûk op sosjale media fan folwoeksenen yn Fryslân ûnder de loep te nimmen. Hoe faak brûke de folwoeksenen yn Fryslân it Frysk en hokker fariabelen ferklearje dat gebrûk? Wjerspegelet it skematyske taalkarmodel ek it proses dat him ôfspilet by it ta stân kommen fan in taalkar by Frysktalige folwoeksenen? Wy tinke dat foar in part deselde fariabelen de fariaasje ferklearje sille, mar dat de wichtigens wol ferskille sil. Us hypoteze is dat folwoeksenen harren skriuwfeardigens belangriker fine sille as de jongerein en dat dit by folwoeksenen dus in gruttere rol spylje sil yn de fariaasje. Fierder spilet de taalhâlding op skoalle by folwoeksenen gjin rol. De taalhâlding fan immens fermidden fan in folwoeksene is boppedat lestich te mjitten. Wat wy yn dit nije ûndersyk as nije fariabele meinimme wolle is it publyk per sosjaal medium. Op elk sosjaal medium hat immen te krijen mei in oar publyk. De kontakten op WhatsApp binne faak persoanlike kontakten, minsken dêr't jo yn it deistich libben ek faak mei te krijen hawwe. De kontakten op Facebook en Twitter toane wat mear ferskaat: guon tichtby, oaren wat fierder ôf. Wat is it effekt fan dat ferskaat oan publyk op de taalkar fan Friezen?

Marwick en boyd (2011) stelle de term 'context collapse' foar: yn in online sosjaal netwurk komme ferskillende sosjale groepen byinoar dy't inoar yn it deistich libben, yn offline-situaasjes, noait tagelyk treffe soenen. Wat mear taalkundich heterogeen de kontakten op sa'n sosjaal netwurk binne, wat kompleksere it wêze sil foar de eigener fan it netwurk om it publyk goed oan te sprekken yn termen fan taalkar en styl. Dat sil ek foar de Friezen sa wêze en wy ferwachtsje dat op Facebook en Twitter de kontakten noch folle heterogener wêze sille as op WhatsApp.

Neffens Androutsopoulos (2014) binne der trije strategyen dy't brûkt wurde kinne om it publyk sa grut mooglik te meitsjen:

1. De taal dy't brûkt wurdt is de taal dy't elkenien begripe kin;
2. Der wurde ferskate talen yn ien of mear opinoarfolgjende berjochten brûkt;
3. Taalgebrûk wurdt mijd: der wurde allinne foto's, fideo's en / of emoticons brûkt.

Wy soene dus ferwachtsje kinne dat as ien te krijen hat mei in heterogeen publyk, ien earder kiest foar it Nederlânsk of it Ingelsk, as foar it Frysk. Boppedat kinne wy op basis fan dizze teory ek ferwachtsje dat it gebrûk fan it Frysk op WhatsApp heger lizze sil as op Facebook en Twitter: it eardere ûndersyk ûnder jongerein lit dat ek sjen. Lykwols, om't dêr gjin fragen oer publyk opnaam binne, kinne wy net mei wissichheid sizze dat it ferskil dêr nei werom te bringen is. Yn it ferfolch fan dizze rapportaazje in ferslach fan dizze syktocht.

3. Metoade

Om't it ûndersyk ûnder Fryske jongerein sjen litten hat dat benammen de jongeren dy't allinnich Frysk as memmetaal hawwe it Frysk op sosjale media brûke, is it wichtich noch mear ynsjoch te krijen yn it taalgebrûk op sosjale media troch Frysktaligen en hokker fariabelen dêr fan ynfloed op binne. De ûndersyksfragen dy't wy mei dit nije ûndersyk beânderje wolle, binne:

- I. Hokker fariabelen beynfloedzje it brûken fan it Frysk troch Frysktaligen fan alle leeftiden op sosjale media? Hoe grut is de ynfloed fan de ferskate fariabelen op it brûken fan it Frysk op sosjale media en hoe wurkje dy fariabelen opinoar yn?
- II. Wat is de ynfloed fan Frysktalige rolmodellen op it brûken fan it Frysk op sosjale media?
- III. Yn hoefier is it brûken fan de Fryske taal op sosjale media te fergelykjen mei it brûken fan minderheidstalen yn oare Europeeske regio's?

Om in antwurd jaan te kinnen op boppesteande fragen, hawwe wy de folgjende ûndersyksynstruminten ynset:

1. In wiidweidich ûndersyk ûnder Friezen troch middel fan in fragelist
2. Kwalitatyf ûndersyk by jongerein en folwoeksenen mei Frysk as memmetaal
3. It bestudearjen fan de rol fan bekende Friezen op it gebrûk fan Frysk op sosjale media
4. It opsetten fan (ynter)nasjonale gearwurking

Yn it ferfolch fan dit haadstik sil útlein wurde hoe't dy dielûndersiken útfierd binne.

3.1 Fragelist

Yn it foarjier fan 2014 is de fragelist ûntwikkele dy't wy útsette woene ûnder Friezen fan alle generaasjes. De fragelist is basearre op de fragelist oer taalgebrûk fan Fryske jongerein, oanfolle mei fragen dy't nei oanlieding fan dat ûndersyk ûntstien binne. Begjin juny 2014 is de fragelist test wêrnei't de lêste fragen oanpast binne en de fragelist definityf makke is. Fia de site is de fragelist yn it Frysk en yn it Nederlânsk beskikber makke. Yn de fragelist wurdt minsken frege om ynformaasje te jaan oer ûnder oaren:

- Demografyske eftergrûn
- Frysk as memmetaal
- Hâlding foar it Frysk oer
- Taalgebrûk yn ferskate situaasjes
- Gebrûk fan sosjale media
- Taalgebrûk op sosjale media
- Oandiel Frysktaligen per situaasje

Op tongersdei 19 juny is it fersyk om mei te dwaan fia de sosjale media ferspraat. De oprop fan *Praat mar Frysk* om mei te dwaan (sjoch hjirûnder) wurdt as in sniebal ferspraat. Op Facebook wurdt de oprop mar leafst 139 dield.



Praat mar Frysk

19 juny 2014 · Bewurke ·

Friezen, wy hawwe jim nedich! In ûndersyk nei taalgebrûk op sosjale media! Dochsto ek mei? Tadaaa: <https://nl.surveymonkey.com/s/fryskopsosjalemedia>

Under de dielnimmers ferlutsje wy in t-shirt fan Baas Himd, in rokje fan Friesblond en tsien oranjekeoken! En soenen jim dit berjocht diele wolle? Heel graach!



Mei 'k wol oer

Comment

Diele

Op Twitter wurde sa'n 50 retweets dien fan oproppen fan ferskate minsken / organisaasjes om mei te dwaan. Op 19 juny wurdt de enkête al troch goed 500 minsken ynfolle. Troch de tiid hinne folgje noch ferskate oproppen fia de sosjale media. Ein juny folget noch in nije oprop fan *Praat mar Frysk* mei in prachtige Frisisme foto.



Yn july wurdt der ek noch in parseberjocht ferspraat nei de lokale media, sawol kranten as online media. Dat smyt ek noch in pear hûndert reaksjes op. Yn totaal hawwe mear as 1.200 Friezen tusken de 15 en 94 jier de komplette enkête ynfolle. De gegevens binne analysearre mei help fan SPSS. Yn it folgjende haadstik, 'De sifers', wurdt in oersjoch jûn fan de wichtichste útkomsten.

3.2 Kwalitatyf ûndersyk

It ûndersyk ûnder Fryske jongerein dat yn 2013 en 2014 holden is, liet al sjen dat it mei kwantitatyf ûndersyk net altyd mooglik is om foar alle útkomsten in ferklearring te finen. Troch kwalitatyf ûndersyk te dwaan is it mooglik om mear ynsjoch te krijen yn de fariabelen dy't fan ynfloed binne op de fariaasje yn it brûken fan Frysk op sosjale media. Dêrom hawwe wy yn 2015 fokusgroepdiskusjes holden mei sawol jongerein as folwoeksenen. It foardiel fan fokusgroepdiskusjes is dat der faak in natuerlike diskusje op gong komt tusken de dielnimmers. Foar it úteinsetten fan de diskusjes hawwe de dielnimmers in fragelist fan trije siden ynfolle om de demografyske gegevens, de hâlding foar it Frysk oer en it taalgebrûk op sosjale media yn kaart bringe te kinnen. Dy fragelist befettet de wichtichste fragen fan de online-fragelist. De diskusjes binne opnaam mei in fideokamera om de petearen letter werom sjen te kinnen.

De fokusgroepen mei jongerein binne holden tusken maart en augustus 2015 op fjouwer skoallen yn Fryslân. Twa skoallen binne fêstige yn in stêd en de oare twa yn in doarp. Jongeren tusken de 14 en

19 jier, fan alle opliedingsnivo's, sawol fuortset ûnderwiis as MBÛ, hawwe meidien. De fokusgroepen hiene tusken de fiif en njoggen dielnimmers elk en de jongeren wiene Frysktalich fan hûs út en/of hiene Frysk keazen as eineksamenfak. De fokusgroepdiskusjes duorren minimaal in heal oere en maksimaal ien oere. Yn totaal binne der mei 48 jongeren seis fokusgroepdiskusjes holden. Dêrneist binne der yn juny en oktober twa fokusgroeppetearen holden mei folwoeksenen: yn totaal diene dêr 12 folwoeksenen oan mei. Yn juny is der in petear west mei leden fan in muzykferiening en yn oktober in petear mei leden fan in follybalklup. De measte minsken wenje yn 'e doarpen rûnom Ljouwert. De leeftiid fariearre fan 19 oant 60 jier, mei de measte dielnimmers tusken de 30 en 40 jier.

3.3 Ynfloed fan bekende Friezen

Neist boppeneamde ûndersiken hawwe wy ek it effekt metten fan Fryske tweets fan trije bekende Friezen troch te sjen nei it tal retweets, favorites en benammen troch it bestudearjen fan de twitterders dy't yn it Frysk op de tweet reagearre hawwe: hoefolle Frysk brûke dy twitterders gewoanwei en hokker taal kieze se nei't de bekende Fries de Fryske tweet stjoerd hat. Om dat te mjitten hawwe wy de taalkar yn de 50 tweets foar en de 50 tweets nei de Fryske reaksje oan de bekende Fries besjoen.

4. De sifers

4.1 De dielnimmers

Yn dit haadstik jouwe wy yn sifers in oersjoch fan de wichtichste útkomsten fan de fragelist dy't yn de simmer fan 2014 útset is. In koart oersjoch fan de ynfollers:

- Goed 1.200 dielnimmers tusken de 15 en 94 jier âld
- 34% man / 66% frou¹
- Wenplak: 84% yn Fryslân, 14% yn oare provinsjes en 2% yn it bûtenlân
- Memmetaal: 76% beide âlden Frysk

De dielnimmers oan de enkête binne spitigernôch net represintatyf foar de Fryske befolking en as wy de útkomsten fan de Frysktalige jongeren fergelykje mei dy fan it eardere ûndersyk ûnder Fryske jongerein, dan docht bliken dat ek de Frysktaligen net represintatyf binne foar alle Frysktaligen yn de provinsje: it Frysk wurdt op sosjale media troch de ynfollers mear brûkt as yn trochsneed yn de provinsje it gefal wêze sil. Lykwols kinne wy wol in soad leare fan de resultaten.


Om't wy mear ynsjoch hawwe wolle yn it hâlden en dragen fan Frysktalige Friezen dy't yn Fryslân wenje, konsintrearret it ferfolch fan dit haadstik him op ynwenners fan Fryslân dy't troch beide âlden yn it Frysk opbrocht binne (n=718).

4.2 It gebrûk fan it Frysk

96% fan dy Friezen praat it leafst Frysk. De oare 4% jout oan leaver Nederlânsk te praten. Goed 80% fan dy Friezen praat Frysk mei de partner en hast 20% Nederlânsk. Fan de dielnimmers dy't bern hawwe, praat rom 90% Frysk tsjin de bern en hast 10% Nederlânsk. Tsjin de pake- en beppesizzers wurdt ek benammen Frysk praat: in krappe 80% praat mear Frysk as Nederlânsk mei de bernsbarn. Yn Figuer 4.1 stiet in oersjoch fan hoe faak as dizze Friezen it Frysk brûke yn ferskate situaasjes.

¹ It grut oandiel froulju hat te krijen mei de Praat mar Frysk-freonen: Praat mar Frysk hat ûngefear twa kear safolle froulju as manlju yn syn netwurk.

Figuer 4.1 Gebrûk fan Frysk yn ferskate situaasjes




It Frysk wurdt as sprektaal it measte brûkt troch de dielnimmers. Yn skriftlike kommunikaasje nimt it brûken ôf, en dan benammen ek by de mear formelere e-mails. It Frysk wurdt noch hieltyd troch in mearderheid fan de respondinten brûkt.

4.3 It gebrûk fan Frysk op sosjale media


As wy it brûken fan Frysk op sosjale media op in rychje sette, dan falt op dat Frysk it faakst brûkt wurdt op WhatsApp. Sa'n 20% brûkt altyd Frysk en ûnder de 10% fan de minsken brûkt it noait. Op Twitter en by 'status updates' op Facebook wurdt it Frysk it minst frekwint brûkt. Ek it oandiel minsken dat it noait brûkt is by dizze berjochten it grutst. Yn Figuer 4.2 stiet in oersjoch mei de oandielen.

Figuer 4.2 Gebrûk fan Frysk op sosjale media



Om't wy nei it ûndersyk ûnder jongerein it gefoel hiene dat it publyk op sosjale media ek in rol spilet by it wol of net brûken fan Frysk op sosjale media, hawwe wy yn dit nije ûndersyk ek in tal fragen opnaam oer de behearsking fan it Frysk fan kontakten op de ferskate sosjale media. Yn Figuer 4.3 stiet in oersjoch fan de antwurden. Wat opfalt is dat by WhatsApp it publyk fan fierwei it grutste part fan de dielnimmers it Frysk wol ferstiet, en faaks ek wol praat. WhatsApp liket fan de sosjale media ek it measte op persoanlik kontakt, dus dat is wat dat oangiet ek net sa frjemd. Op Facebook is dit oandiel wat lytser en op Twitter is de groep dielnimmers dêr't de mearderheid fan de kontakten Frysk kin yn de minderheid.

Figuer 4.3 Oandiel kontakten dat Frysk kin prate en ferstean



As wy it gebrûk fan it Frysk keppelje oan leeftiidskategoryen, dan sit dêr gjin echte reade tried yn en fine wy ek net in soad signifikante ferskillen, behalve as wy it brûken fan it Frysk yn ien-op-ien berjochten op WhatsApp fergelykje: dêr sjogge wy dúdlik dat wat jonger ien is, wat faker ien Frysk brûke sil yn dit type berjochten. Gemiddeld sjoen falt ek op dat wat jonger as ien is, wat grutter de kâns is om it Frysk fonetysk op te skriuwen en wat âlder ien is, wat lytser dy kâns is. Dit jildt ek foar it typen fan dakjes en streekjes: jongere minsken witte yn ferhâlding faker net as wol wannear't se dakjes en streekjes brûke moatte, en se fine dat faker tefolle wurk yn ferhâlding ta âldere minsken. Fierder falt op dat wat jonger as immen is, wat mear dat er it Frysk net brûkt, om't er wol dat elkenien syn berjochten begripe sil. Minsken fan alle leeftiden (92% fan it totaal) binne it der mei iens dat hja in Frysk berjocht beânderje yn it Frysk.

Mei de sammele data is it mooglik om in regresje-analyze te meitsjen. Mei in regresje-analyze kinne jo de fariabelen fine dy't it bêste in bepaalde ôfhinklike foarspelle kinne, yn dit gefal hoe faak oft minsken Frysk brûke sille op sosjale media. Wy kinne op it stuit 46% fan dizze fariaasje ferklearje ($R^2=0.46$). De fariabelen dy't ynfloed hawwe op it brûken fan Frysk op sosjale media, binne:

- Skriuwfeardigens ($\beta=0.27$)
- Oandiel kontakten op WhatsApp dat Frysk praat ($\beta=0.25$)
- Hâlding foar it Frysk oer ($\beta=0.23$)
- It wol/net brûken fan de Fryske interface op Facebook ($\beta=0.17$)
- Hoe faak minsken Frysk mei freonen prate ($\beta=0.16$)

By dizze berekking komt dus de skriuwfeardigens wol as wichtichste fariabele nei foaren. Fuort dêrnei folgje it oandiel kontakten op WhatsApp dat Frysk praat en de hâlding foar it Frysk oer.

5. De fokusgroepdiskusjes

Tusken maart en oktober 2015 binne der acht fokusgroepdiskusjes holden: seis kear mei jongeren en twa kear mei folwoeksenen. Yn dit haadstik in oersjoch fan de wichtichste diskusjepunten. Yn paragraaf 5.1 steane de fokusgroepdiskusjes mei de jongerein sintraal en yn paragraaf 5.2 dy mei de folwoeksenen.

5.1 Frysk jongeren

“As ik offline Frysk mei ien praat, doch ik dat ek op WhatsApp.”

5.1.1 Frysk op sosjale media

It Frysk wurdt troch de dielnimmers oan de fokusgroepen hiel ferskillend brûkt. Guon brûke allinnich mar Frysk en oaren (hast) net. As wy sjogge nei Frysk jongeren, dan binne der in pear groepen te ûnderskieden.

“As Frysktaligen my wat yn it Nederlânsk freegje, dan typ ik gewoan yn it Frysk werom en dan skeakelje se wol oer.”

“Ik brûk Frysk op Facebook, WhatsApp en yn sms. Ik skriu Frysk as ik wit dat ien it ek lêze kin. Haw in soad Frysk freonen op Facebook. Dan skriu ik wol faak Frysk, de oaren hawwe dan gewoan pech.”

De jongeren dy't hast altyd Frysk brûke binne der yn it generaal hiel grutsk op dat se Fries binne. Se fine it Frysk faak machtich moai en it Nederlânsk net sa. Harren freonen binne hast allegearre Frysk. Op sosjale media brûke se hast altyd Frysk, sawol yn persoanlike berjochten as groups-Apps fan bygelyks de fuotbal- of kuorbalfiering. Se fine it hiel gewoan om Frysk te brûken, se tinke en prate ek yn it Frysk, dus brûke se it Frysk ek op sosjale media. It is foar harren de gewoanste saak fan de wrâld.

“Ik jou ek wolris Frysk reaksjes op Facebookberjochten, ek al binne dy yn it Nederlânsk. As dy persoan Frysk is.”

Der is ek in grutte groep jongeren dy't it Frysk wol brûkt, mar der net sa konsekwint yn is. Mei de iene Fries appe se yn it Frysk, mei de oare yn it Nederlânsk. Somtiden reagearje se automatysk yn de taal dy't de ôfstjoerder ek brûkt, mar in oare kear begjinne se sels ek yn it Nederlânsk. De taalkar kin per dei ferskille en dat liket in hiel ûnbewust proses te wêzen.

“Ik praat út mysels in soad Frysk, mar as ien dan yn it Nederlânsk werompraat, dan switch ik gau en praat ik ek Nederlânsk werom.”

“Ik brûk in soad Frysk op sosjale media, mar ik tink der net sa bot oer nei. Mei sommige Frysktalige freonen WhatsApp ik yn it Frysk, mar mei oaren yn it Nederlânsk.”

“Ik praat in soad Nederlânsk op WhatsApp, en net sa folle Frysk. Wol wat útdrukkings yn it Frysk lykas ‘moai no – ja, krekt wat’. As in grapke. Myn taalkeuze is net altyd hiel bewust. It kin best wêze dat ik de iene dei de hiele dei Frysk app, en dan de folgjende dei gewoan wer yn it Nederlânsk.”

Der is ek in groep jongeren dy’t (hast) noait Frysk brûkt, faak om’t se in soad Nederlânsktalige freonen hawwe, mar somtiden ek om’t se it Frysk dreech fine, of om’t se it Nederlânsk ek gewoan in moaie taal fine. Op Facebook skriuwe se harren *status update* meastal yn it Nederlânsk, en ek op WhatsApp begjinne se faak yn it Nederlânsk. As reaksje op in Frysk berjocht brûke se it Frysk wolris, as se it oan tiid hawwe. Guon Groeps-Apps binne yn it Frysk, fan bygelyks it fuotbalteam of it wurk, en dan dogge de measten harren berjochten ek wol yn it Frysk, mar net elkenien.

“As minsken yn it Frysk begjinne, stjoer ik wol in Frysk berjocht werom. Mar Nederlânsk is folle makliker.”

“Nederlânsk is folle makliker om te lêzen en te skriuwen. Myn sus en har freon appe yn it Frysk, dan freegje ik of se gewoan yn it Nederlânsk type kinne. De fuotbal-app is ek in soad Frysk, mar ik doch it yn it Nederlânsk.”

5.1.2 Appe mei heit en mem

Yn de diskusjes is ek yngien op it appen fan heit en mem: wat dogge de heiten en memmen fan de jongeren en hoefier hat dat ynfloed op de taalkar fan de bern. Oer it algemien appe de memmen mear as de heiten. Guon heiten hawwe noch gjin mobyl, se belje leaver, of hawwe noch in âlderwetske telefoan. De heiten dy’t appe dogge dat somtiden konsekwint yn it Frysk, somtiden altyd yn it Nederlânsk en somtiden Frysk, somtiden Nederlânsk, ôfhinklik fan hoelang oft de app is. De measte memmen appe yn it Nederlânsk, in pear memmen appe wol altyd yn it Frysk. It effekt fan de taalkar fan heit en mem is net dúdlik: it byld is hiel diffús. Guon jongeren appe altyd yn it Frysk mei harren âlden, ek al krije se Nederlânske appkes werom, en oaren dogge it presys oarsom, faak om’t se it Nederlânsk folle makliker fine.

“Myn mem appt yn it Nederlânsk, fynt se makliker. Mar se begrypt it wol as ik wat yn it Frysk freegje. Soms antwurdet se wol yn it Frysk, hinget der fanôf hoe lang/moeilik it antwurd is.”

“Ik WhatsApp leaver yn it Nederlânsk mei ús mem, want se skriuwt sa bryk Frysk, dêr begryp ik neat fan.”

“Heit en mem appe yn it Nederlânsk, mar ik app yn it Frysk werom.”

“Heit en mem brûke beide Frysk op WhatsApp, ik antwurdzje meastal yn it Nederlânsk, want ik haw it gewoan net goed skriuwen leard.”

5.1.3 Skriuwfeardigens

Yn de diskusjes giet it hiel faak oer it skriuwen fan it Frysk. In soad jongeren hawwe muoite mei it skriuwen. De jongeren fine it dreech, se witte net hoe't it moat of se dogge mar wat. Yn it generaal fine se it Nederlânsk skriuwen folle makliker en it kostet folle minder tiid. Nettsjinsteande de swierrichheden is der in grutte groep jongeren dy't dochs leaver Frysk skriuwt as Nederlânsk: faak skriuwe dy jongeren it Frysk fonetysk op. Dyselden dy't it Frysk wol behearskje, tinke der om om net 'te geef' te skriuwen. Om't it Geeffrysk te fier fan de sprektaal ôf leit, en oaren it oars net begripe soenen. De groep dy't it Frysk net sa faak brûkt, docht dat foar in part om't it Frysk harren tefolle muoite kostet en om't se fine dat se it Frysk net goed genôch behearskje.

“Ik fyn it moeilik om Frysk te skriuwen. As ik it yn it Frysk doch, dan liket it nergens op.”

“Ik skriuw in soad Frysk op WhatsApp, mar wol sa as ik it sis, want oars snappe se net wat ik bedoel, of in bytsje heal, net alles fonetysk hear. Ik brûk de taal dy't de oaren ek brûke. Dus yn sommige groepen goed Frysk, en oare groepen mear fonetysk Frysk.”

5.1.4 Taalhâlding

De hâlding foar it Frysk oer is by de measte Frysktalige jongeren wol posityf, en in grut part fan de jongeren hiel posityf. Hja fine it Frysk machtich moai en it Nederlânsk hielendal neat oan. Yn rapportsifers jouwe dy jongeren it Frysk faak in njoggen of in tsien en it Nederlânsk tusken de ien en fjouwer. Se prate it leafst altyd Frysk en dogge dat op sosjale media ek. By oare Frysktalige jongeren leit de ferhâlding wat oars: de wurdearring yn sifers leit dan faak tusken de seis en de acht, sawol foar it Frysk as it Nederlânsk. Dy jongeren brûke it Frysk wol in soad as sprektaal, mar kieze op sosjale media faker foar it Nederlânsk: it is makliker en dan begrypt ek elkenien it. By it kiezen foar it Frysk op sosjale media spilet de taalhâlding foar it Nederlânsk oer dus ek in wichtige rol.

“Ik krij wolris opmerkingen fan myn beppe oer hoe't ik Frysk skriuw, mar dêr doch ik fierder neat mei.”

“Ik skriuw it Frysk op sa as ik it útsprek, kombinearre mei wat ik noch wit fan skoalle.”

“Brûk mear Nederlânsk as Frysk op Whatsapp. It is wat makliker, Frysk type kin ik net sa goed. It giet gewoan hurder.”

“Nederlânsk is folle makliker, hoech ik net sa nei te tinken.”

“Ik typ Frysk mei de minsken dy't Frysktalich binne. Ik kin net Frysk type, mar ik doch it wol.”

Ik brûk mear Nederlânsk op WhatsApp. Ik sil sels faak wol yn it Frysk begjinne nei Frysktalige minsken, mar as se dan yn it Nederlânsk antwurdzje, dan gean ik ek yn it Nederlânsk fierder.

“Bin net hiel konsekwint mei it Frysk. Mei sommige Friezen praat ik ek wol Nederlânsk op WhatsApp, dat is wol hiel apart. Mar as ien yn it Frysk begjint, antwurdzje ik wol yn it Frysk.”

5.2 Folwoeksenen

5.2.1 Frysk op sosjale media

Ek troch folwoeksenen wurdt it Frysk op sosjale media hiel ferskillend brûkt. Guon brûke hast allinnich mar Frysk en oaren hast net. Somtiden hawwe minsken der noch noait echt oer neitocht: hja prate Frysk, mar skriuwe Nederlânsk. Dat giet hiel automatysk. Ek by de folwoeksenen spilet de skriuwfeardigens in grutte rol. It argumint “Ik soe wol wolle, mar ik kin it net” komt faak werom.

“Soms haw ik in hiel ferhaal yn it Frysk. En dan wit ik in wurd, of in pear wurden net, en dan tink ik, lit mar. Dan skriuw ik alles op en nei yn it Nederlânsk.”

“Myn broer docht alle appkes nei my yn it Frysk en nei him doar ik it ek wel werom te dwaan. En mei in pear freondinnen ek wol. Wy witte wol fan elkoar, it giet net om de spelling, wy begripe elkoar wol. Mar de rest doch ik allegearre yn it Nederlânsk. Ik tink wol yn it Frysk, mar it giet my gewoan makliker ôf.”

Skriuwe yn it Nederlânsk giet foar in soad Friezen ek in stik flotter as yn it Frysk. It kostet dizze minsken tefolle tiid om harren berjochten yn it Frysk te skriuwen. Dus as der dan gau efkes wat regele wurde moat, dan giet it hast automatysk yn it Nederlânsk. Dy tinkwize komt yn alle generaasjes werom.

“Ik fyn it moeilik om Frysk te skriuwen. As ik it skriuw, wol ik it wol goed dwaan.”

Fierder falt op dat der ek Friezen binne dy't leaver gjin Frysk brûke, om't elkenien har berjochten begripe moat. Se binne bang dat der oars ynformaasje ferlern gean kin. Under ien fan de diskusjes waard sels sein: “Wat is it doel om altyd Frysk te brûken? Binne jimme bang dat de taal útstjert of sa?” It giet hjir sawol om minsken mei in soad Nederlânsktaligen yn harren fermidden as minsken dy't gewoanwei hast allinnich mar Frysk prate.

“As ien Nederlânsk tsjin my praat, dan pas ik my oan. Dan fielt it foar my net goed om yn it Frysk troch te gean.”

“Ast Frysk brûkst yn in Groeps-App dêr't ek Nederlânsktaligen yn sitte, dan soene se har ek bûtensluten fiele kinne.”

“Mei myn bern app ik wol yn it Frysk. Mar myn frou is Nederlânsktalich, dus mei har net.”

“Ik app hast noait yn it Frysk. Allinnich as ik in ien-op-ien berjocht yn it Frysk krij, soe ik earder ree wêze om yn it Frysk te antwurdzjen. Yn myn famylje- en freonenkring is it gebrûklik om yn it Nederlânsk te appen, ek al prate wy altyd Frysk mei-inoar.”

De folwoeksenen dy't in soad Frysk brûke op sosjale media binne einliks yn te dielen yn twa kategoryen: guon kinne it hiel goed skriuwe en it kostet harren ek gjin ekstra muoite om Frysk te skriuwen, en guon dy't it Frysk skriuwen net goed leard hawwe. Foar beide groepen jildt dat it hiel natuerlik fielt om yn it Frysk te appen of in Frysk berjocht op Facebook te setten.

“Wy prate ek altyd Frysk, dus it is gek om dan yn it Nederlânsk te appen.”

Ek yn Groeps-Apps wurdt in soad Frysk brûkt, ek al sitte der faak ek Nederlânsktaligen yn de groep. By persoanlike berjochten oan in Nederlânsktalige sille guon wol it Frysk folhâlde wylst oaren automatysk yn it Nederlânsk oergean.

“Yn it algemien skriuw ik Frysk mei degene dy't Frysktalich is. Mar ik spiegelje ek wol. Dus soms kin it sa wêze dat ik dan dochs 'per ongeluk' yn it Nederlânsk weromskriuw.”

De minsken dy't in soad Frysk brûke op sosjale media, mar ek yn e-mails, tinke dat it gebrûk fan it Frysk de lêste jierren wol tanaam is: se tinke dat se no faker in Frysk antwurd weromkrije as in pear jier ferlyn. De kampanjes fan Praat mar Frysk wurde hjirby faak oanhelle. It gebrûk fan de boechbylden lykas Doutzen Kroes liket goed oan te slaan.

5.2.2 Skriuwfeardigens

Ek yn de diskusjes giet it hiel faak oer it skriuwen fan it Frysk. Benammen de minsken boppe de 35 hawwe it der faak oer: “Ik soe wol wolle, mar haw it froeger noait goed leard.”

Dy minsken begjinne der faak net oan, it is foar harren off-limit. As se it dwaan soenen, dan moat it wol goed. Dus kieze se derfoar om mar gewoan troch te gean mei yn it Nederlânsk te skriuwen.

“Ik moast earst wol hiel bot wenne oan it fonetyske Frysk. Dan tocht ik, wat stiet dêr no, sa haw ik dat hielendal net leard op skoalle. No bin ik der wol oan wend dat minsken it sa dogge, mar ik doch it sels net.”

“It kostet my net mear tiid om Frysk te typen. Soms moast efkes op de dakjes en streekjes wachtsje... As ik Frysk mei ien praat, sil ik degene yn de regel ek yn it Frysk appe.”

“Yn de Groeps-App fan de follybal is it meastal Frysk, behalve as it spesjaal bedoeld is foar in Nederlânsktalige yn de groep.”

“It falt my op dat ik hieltyd mear yn it Frysk werom krij, mear as in pear jier ferlyn.”

“Ik tink dat it ek in stik bewustwurding is, troch de kampanjes fan Praat mar Frysk, dat minsken tsjintwurdich mear Frysk brûke.”

“De spellingskontrôle slacht op hol as ik Frysk skriuw.”

“It soe wol handich wêze as der in automatysk wurdboek foar it Frysk komt. No feroaret de tillefoan Fryske wurden dy'tst noch noait earder brûkt hast automatysk yn in Nederlânsk wurd.”

Ien-op-ienberjochten mei guon famyljeleden of freonen dogge se wolris yn it Frysk, dan makket it net safolle út as der in flaterke yn sit, mar yn berjochten dy't troch mear minsken sjoen wurde (bûten de Groeps-App fan de famylje), brûke hja leaver it Nederlânsk.

“Myn mem hat krekt in kursus Frysk dien, dus dy begjint no yn it Frysk te appen, dus dan wol ik wolris werom appe yn it Frysk, mear meastal app ik dochs yn it Nederlânsk. Dan bin ik dochs frijer yn wat ik fertelle wol, en it giet ek flugger. Ik soe ek net fonetysk appe wolle, dan wol ik it wol reedlik goed dwaan. En dêrfoar behearskje ik it Frysk ûnfoldwaande.”

Ek folwoeksenen stimme harren Frysk somtiden ôf op de groep. Mei de iene sille hja wol geef Frysk skriuwe, mar mei oaren sille hja kieze foar makliker wurden of konstruksjes út 'e sprektaal.

“Ik kin goed Frysk. Mar as ik in wurd sjoch dat ferkeard skreaun is, dan nim ik it faak dochs wol oer. Oars fiel ik my sa'n ferbettertut.”

“Ik typ in hiel soad Frysk, allinnich gewoan in bytsje fonetysk. Ik sykje it wolris op, as ik in wurd witte wol, op de ‘wat-wurd-it’-app, dan kinst opsykje hoet'st it dwaan moast, dat is wol handich. Dêr nim ik soms de muoite foar, as ik efkes showe wol of sa.”

5.2.3 Taalhâlding

De folwoeksenen dy't meidien hawwe oan de fokusgroeppearen fine it Frysk moaier of like moai as it Nederlânsk. De ferskillen binne in stik lytser as by de jongeren, gjinien hat in negative hâlding foar it Nederlânsk oer, mar it Frysk wurdt ek troch de folwoeksenen as in moaie of prachtige taal beskôge. It Frysk fielt fertroud, as thúskommen, de taal dy't jo it leafste prate, de taal fan thús.

By ien fan de fokusgroepen komt it petear op bewustwurding, mei troch de kampanjes fan Praat mar Frysk, mar ek troch sosjale media. De gruttere sichtberens liket dus ek in positive ynfloed te hawwen op de hâlding foar it Frysk oer.

“Ik fyn it Frysk hieltyd moaier wurden. Ik wurd ek steeds fanatiker. Neffens my komt dat wol troch it gebrûk fan WhatsApp. Op in gegeven moment tocht ik, wat frekt my dat ek, ik doch it gewoan yn it Frysk.”

6. Ynfloed fan bekende Friezen

Bekende minsken kinne somtiden in foarlûkersrol hawwe as it giet om it brûken fan bepaalde produkten, mar ek as it giet om it foarmjen fan mieningen of om it brûken fan in taal. Praat mar Frysk brûkt net foar neat ambassadeurs foar syn kampanje. By it analysearjen fan de Twitterdei fan 2013 foel op dat benammen in tweet fan it topmodel Doutzen Kroes hiel posityf ûntfongen waard. Har tweet krige mar leafst 200 retweets.

In dit haadstik wurdt omtinken jûn oan Fryske tweets fan trije bekende Friezen: fan topmodel Doutzen Kroes, waarman Gerrit Hiemstra en hurdfytser Lieuwe Westra. Per bekende Fries behannelje wy hjir ien tweet dêr't de meast opfallende saken oer te besprekken binne. De folgjende saken wurde metten:



- Hoefolle retweets en favorites leveret it op?
- Hoefolle reaksjes leveret de tweet op, en yn hokker talen?
- Wat is it effekt fan de Fryske tweet fan de bekende Fries? Om dat te mjitten sjogge wy nei de 50 tweets foar de reaksje en de 50 tweets nei de reaksje.

6.1 Doutzen Kroes

Op 18 septimber 2014 stjoert topmodel Doutzen Kroes de folgjende tweet de wrâld yn.



De tweet wurdt 75 kear retweet en 128 kear as favoryt bestimpele. Der wurdt ek in soad op reagearre, yn ferskate talen. De reaksjes binne fan sawol priveepersoanen as organisaasjes. Fan de 24 reaksjes binne der 11 yn it Frysk, 6 yn it Nederlânsk en 7 yn it Ingelsk. Mar ien (Nederlânske) reaksje giet deroer dat hja it Frysk net begrypt. De oare Fryske en Nederlânske tweets binne yn te dielen yn twa kategoryen, nammentlik Fryslân yn it algemien en fuotbal, en dan benammen oft Doutzen no Heerenveen- of Cambuurfan is.

De Twitteraccounts fan de 11 persoanen dy't yn it Frysk op Doutzen Kroes har tweet reagearre hawwe, hawwe wy dêrnei bestudearre. Wy hawwe sjoen nei de 50 tweets dy't de minsken foar en nei harren reaksje ferstjoerd hawwe. Foar de tweet fan Doutzen Kroes binne der fiif persoanen dy't (hast) noait wat yn it Frysk twitterje. Fjouwer persoanen twitterje sa'n 10-20% yn it Frysk en ien persoan twitterret hast alles yn it Frysk (sa'n 80%). Fierder is der ek ien persoan dy't in tredde part fan syn tweets yn it Liwwarders skriuwt, sawol foar as nei de tweets fan Doutzen Kroes. Nei de tweets fan Doutzen Kroes is der ien persoan dy't mear yn it Frysk twitterret as derfoar (fan ien op fyftich nei fjouwer op fyftich). Alle oaren twitterje nei de reaksje oan Doutzen Kroes minder faak yn it Frysk. De Fryske tweet fan Doutzen Kroes hat dus in koartduorjend effekt: it trunet minsken oan om it Frysk in kear (faker) te brûken, mar it liket de gebrûklike twittertaal net te feroarjen.

6.2 Gerrit Hiemstra

Fan Gerrit Hiemstra hawwe wy in Fryske tweet nommen dêr't er de measte reaksjes op krigen hat. De tweet is fan 24 desimber 2014. Der binne noch wol resintere Fryske tweets fan him te finen, mar dêr binne net safolle reaksjes op kaam.



De tweet wurdt 44 kear retweet en 22 kear as favoryt bestimpele. Der komme 16 reaksjes op fan 15 ferskate persoanen. Seis reaksjes binne yn it Frysk en tsien reaksjes yn it Nederlânsk. Opfallend is dat fan de Nederlânske reaksjes, de helte bestiet út it freegjen om in fertaling.

By it besjen fan de Twitteraccounts fan de Fryske reaksjes falt op dat ferskate minsken wol faker reagearje op in tweet fan Gerrit Hiemstra, mar dat se dat gewoanwei yn it Nederlânsk dogge. Twa fan de seis minsken twitterje útsein dy iene reaksje oan Gerrit Hiemstra fierder neat yn it Frysk. By trije minsken is tusken de 0 en 10% fan de tweets yn it Frysk, sawol foar as nei de tweet oan Gerrit Hiemstra, en ien twitterder twitteret foar de tweet oan Gerrit Hiemstra 30% yn it Frysk en nei de tiid 56%, mar dêrfan binne de helte automatisearre tweets oer it meidwaan oan 'Blinder of Blunder' en tweets op de Fryske Twitterdei. De Fryske tweet fan Gerrit Hiemstra liket dus wol direkt Fryske reaksjes op te smiten, mar it liket minsken net oan te trúnjen om it Frysk faker te brûken yn de perioade dêrnei.

6.3 Lieuwe Westra

Fan hurdfytser Lieuwe Westra is der hast gjin komplette Fryske tweet te finen, útsein de tweet dy't hy op de Fryske Twitterdei ferstjoerd hat. Lieuwe Westra brûkt geregeld in pear Fryske wurden yn syn tweets, en ek wolris in frisisme. Wy hawwe besletten om foar dit ûndersyk de reaksjes op de tweet op de Fryske Twitterdei te bestudearjen.



De tweet is, eksklusyf troch ússels, 10 kear retweet en 25 kear bestimpele as favoryt. Der wurdt sân kear yn it Frysk reagearre op de tweet (dêrfan ien kear troch Praat mar Frysk), trije kear yn it Nederlânsk en ien kear yn in Nederlânsk dialekt. Earst wat oer de ynhâld fan de tweets. Oan de iene kant reagearre minsken ynhâldlik troch Lieuwe Westra sukses te winskjen mei de folgjende wedstriid. Oan de oare kant wurdt der ek referearre oan syn Frysk. Ien persoan riedt him de ‘wat-wurd-it’-app oan. Dêr folget in lilke reaksje fan in oar persoan op: “ja, dot fan dy is geef #frysk”. Wer in oar seit: “best genôg, bei mei is ut krekt sa briek as bei dei. :))”

By it bestudearjen fan de Twitteraccounts fan de minsken dy’t yn it Frysk reagearre hawwe, falt op dat fjouwer fan de seis persoanen op de Fryske Twitterdei, neist harren reaksjes oan Lieuwe Westra, noch faker yn it Frysk twitterje. Trije fan de seis minsken dogge bûten de Fryske Twitterdei om net sa’n soad yn it Frysk op Twitter, nul oant trije fan de fyftich tweets binne foar en nei de tweet oan Lieuwe Westra yn it Frysk. Trije minsken dogge foar de tweet fan Lieuwe Westra sa’n 20% yn it Frysk. Lykwols, ien persoan giet dêrnei troch mei sa’n 20% Fryske tweets, de oaren dogge wat minder yn it Frysk, ien sakket werom nei ûnder de 5% en de oare tusken de 10 en 15%. By dizze folgers fan Lieuwe Westra falt it op dat guon gewoanwei yn it Nederlânsk op Lieuwe Westra reagearre, en oaren wol (hast) altyd it Frysk brûke nei him ta.

6.4 Konklúzjes

Fryske tweets fan bekende Friezen kinne in soad reaksjes útllokje. De reaksjes binne net perfoarst yn it Frysk en ek net altyd posityf. Troch net-Friezen wurdt ek regelmjittich om in fertaling frege. De analyze lit sjen dat Friezen dy’t gewoanwei net sa faak Frysk brûke op Twitter, dat wol dogge yn harren reaksjes. De bekende Fries set dus mei oare wurden mei har/syn Fryske tweet de Friezen oan om it Frysk te brûken. It effekt is lykwols fan koarte doer. De folgjende tweets fan dy minsken binne yn hast alle gefallen wer yn it Nederlânsk. It effekt fan bekende Friezen op Twitter kin hiel goed fergelike wurde mei it effekt fan de Twitterdei (Jongbloed-Faber, 2014b): in effektive dochs koartduorjende oantrún om it Frysk te brûken.

7. Ynternasjonale oriïntaasje en gearwurking

Der wurdt yn Europa en yn oare dielen fan de wrâld de lêste jierren in soad ûndersyk dien nei it taalgebrûk op sosjale media. Faak wurdt der sjoen nei bygelyks de stavering en de styl fan in mearderheidstaal, somtiden nei it gebrûk fan ymmigrantetalen, mar somtiden ek nei meartalige konteksten yn lannen dêr't in minderheidstaal neist de mearderheidstaal sprutsen wurdt. Lykwols, de talen dy't brûkt wurde op sosjale media, en yn it bysûnder de talen dy't brûkt wurde yn twatalige mienskippen, hawwe noch net faak ûnderwerp fan ûndersyk west (Cunliffe, Morris, & Prys 2013). Dêr kinne wy oan taheakje dat it ûndersyk dat dien wurdt him faak rjochtet op it taalgedrach fan jongeren.

Yn dit haadstik in ferliking mei in ûndersyk yn Wales en in ferliking fan it Frysk mei it Limboarchsk op Twitter. It haadstik wurdt ôfsluten mei in koart oersjoch fan de wichtichste ynternasjonale gearwurking dy't de ôfrûne jierren plakhân hat en de ferlykjende ûndersiken dêr't oan wurke wurdt.

7.1 Wales en Fryslân

Cunliffe (2007) bewiist yn syn ûndersyk dat de ûngelikense machtsferhâlding tusken de mearderheids- en de minderheidstaal dy't bestiet yn de offline-mienskip meastal bestean bliuwt yn online-situaasjes: it wurdt as ûnfatsoenlik bestimpele om in minderheidstaal te brûken as net elkenien it begrypt. Benammen as ien ek goed is yn de mearderheidstaal wurdt it faak beskôge as in politike utering om de minderheidstaal yn stee fan de mearderheidstaal te kiezen. Cunliffe, Morris en Prys (2013) konkludearje yn har ûndersyk nei it brûken fan it Welsk op sosjale netwurken dat taalgedrach fan twataligen op sosjale netwurken tige kompleks is en dat it fariearret per netwurk: Facebook is neffens harren ien fan de gebieten op it ynternet dêr't kommunikaasje plakhat yn it Welsk.

De Welske organisaasje *Mentrau Iaith Cymr* hat yn 2014 ûndersyk dien nei it gebrûk fan Welsk op sosjale netwurken. Krekt lykas by ús ûndersyk binne de sammele data in 'snowball sample': troch in oprop is minsken frege in fragelist yn te foljen en der wie dan ek gjin kontrôle oer de dielnimmers. Yn Wales diene 400 persoanen mei, 69% frou en 31% man, 78% fan de dielnimmers wie tusken de 25 en 60 jier âld en foar 83% fan de respondinten is Welsk de memmetaal. Ek al is it dreech om de situaasjes ien-op-ien te fergelykjen, is it dochs nijsgjirrich om de opfallendste oerienkomsten en ferskillen op in rychje te setten.

Skriuwfeardigens

It ûndersyk yn Wales lit sjen dat mear as 90% harren skriuwfeardigens as hiel goed of sels floeiend beskôget. Yn ús ûndersyk jout 18% oan it Frysk hiel goed skriuwe te kinnen.

Frysk/Welsk yn e-mails

Mear as 60% fan de respondinten yn Wales jout oan dat se alle dagen Welsk brûke yn e-mails. Yn Fryslân leit it oandiel respondinten dat oanjout yn e-mails it Frysk faak of altyd te brûken op 54%.

Frysk/Welsk op sosjale media

De helte fan de respondinten yn Wales jout oan alle dagen it Welsk te skriuwen op sosjale media. It oandiel respondinten dat oanjout faak of altyd Frysk te brûken op sosjale media leit op 60%.

Frysk/Welsk op Facebook

Krapoan de helte (49%) fan de respondinten yn Wales jout oan faker Welsk as Ingelsk te brûken op Facebook. Sa'n 6% jout oan noait Welsk te brûken op Facebook. Fan de Fryske dielnimmers brûkt 44% it Frysk faak of altyd en 18% noait by it bywurkjen fan harren steat.

Frysk/Welsk op Twitter

Op Twitter wurdt it Welsk faker as it Ingelsk brûkt troch 34% fan de respondinten. Yn Fryslân leit it oandiel dat faak of altyd Frysk op Twitter brûkt op 36%.

Konklúzjes

Op it stuit is it net mooglik om ien-op-ien ûndersyksresultaten yn Wales en Fryslân mei-inoar te fergelykjen, mar de neamde persintaazjes jouwe in yndikaasje fan de ferskillen en oerienkomsten. It meast yn it each springende ferskil is de skriuwfeardigens: yn Wales jout mear as 90% fan de respondinten oan dat se harren memmetaal hiel goed skriuwe kinne, tsjinoer 18% fan de respondinten yn Fryslân. Lykwols, as wy sjogge nei it gebrûk fan de memmetaal op sosjale media yn beide lannen dan binne de ferskillen folle lytser. Nettsjinsteande de folle legere skriuwfeardigens fan de Friezen wurdt it Frysk op sosjale media likernôch likefolle brûkt as it Welsk yn Wales.

Ferfolchstappen

Sûnt it begjin fan it ûndersyk nei taalgebrûk op sosjale media wurdt der goed gearwurke mei Wales en ûndersyksmetoaden en -útkomsten wurde geregeld dield. Sûnt septimber 2015 rint tegearre mei Daniel Cunliffe (Wales) en Sarah McMonagle (Ierlân) in ûndersyk om tweets yn it Iersk, Welsk en Frysk te fergelykjen.

7.2 Frysk en Limboarchsk op Twitter

Yn 2014 is de Fryske Akademy in gearwurking oangien mei it Meertens Instituut, de Universiteit Twente en de Universiteit Maastricht om Limboarchske en Fryske tweets te fergelykjen. Der is troch it Twidentity-projekt in taaldetektor ûntwikkele dy't automatysk Fryske tweets derút ken. De resultaten fan de taaldetektor binne reedlik betrouber (97% korrekt). De taaldetektor skat yn dat 5.3% fan de tweets út Fryslân wei yn it Frysk binne, tsjinoer 8.6% fan de tweets yn Limboarch yn ien fan de Limboarchske dialekten (Trieschnigg, 2015). Fierder kin út dit ûndersyk konkludearre wurde dat wat langer in tweetútwikseling duorret, wat grutter de kâns is dat oergien wurdt op de streektaal, it Frysk of in Limboarchsk dialekt (Nguyen, Trieschnigg en Cornips, 2015). Op it stuit wurdt der wurke oan in wittenskiplik artikel mei in kwalitative fergelyking fan dy data. Wat wy no al sizze kinne is dat de measte tweets oer lokale kultuer hast allinne yn it Frysk of Limboarchsk binne, en hast

noait yn it Nederlânsk. Dy konklúzje komt oerien mei ûndersyk fan Androutsopoulos (2012;2013) dy't fûn dat it gebrûk fan in minderheidstaal faak beheind is ta it kommunisearjen oer in minderheidskultuer.

7.3 Ynternasjonale gearwurking en omtinken foar it Frysk op sosjale media

It ûndersyk nei it brûken fan Frysk op sosjale media hat net allinnich yn Fryslân in soad omtinken opsmiten. De ôfrûne jierren hawwe wy dielnommen oan in tal (ynter)nasjonale konferinsjes en ek de gearwurking socht mei oare ûndersikers dy't harren dwaande hâlde mei fergelykjend ûndersyk. Op it stuit is it noch te betiid om resultaten dêrfan sjen litte te kinnen, dêrom hjir in koart oersjoch fan de wichtichste aktiviteiten op dit mêd.

Ynternasjonale blog

'Indigenous Tweets' hat ús frege om in *blog* te skriuwen oer it ûndersyk nei taalgebrûk fan Fryske jongerein op sosjale media. Dy blog is troch goed 1000 minsken sjoen. De blog is dêrnei ek noch yn it Ingelsk, Russysk en Spaansk ferskynd op de nijssite 'Rising Voices' (<http://lyt.sr/wg3mp>).

Mercator-kongres oer minderheidstalen en sosjale media

Yn novimber 2014 hat Mercator yn Ljouwert in seminar organisearre oer minderheidstalen en sosjale media. Foar dat seminar hawwe wy ferskate ynternasjonale eksperts útnûge lykas Jannis Androutsopoulos út Dútslân en Daniel Cunliffe út Wales. De presintaasje oer it rinnende ûndersyk en it ûndersyk ûnder de Fryske jongerein hat in soad entûsjaste reaksjes opsmiten. De minsken binne ûnder de yndruk fan de kwantitative ûndersiken en ferskate ûndersikers hawwe oanjûn it ûndersyk brûke te wollen as foarbyld om soartgelyk ûndersyk yn harren eigen lân út te fieren.

Wittenskiplik artikel yn Katalaansk tydskrift

Yn 2016 sil it wittenskiplik tydskrift *Treballs de Sociolinguística Catalana* in temanûmer útjaan oer ICT en minderheidstalen. In dat nûmer sil ek in wittenskiplik artikel ferskine oer it ûndersyk nei it taalgebrûk fan Fryske jongeren op sosjale media.

Malteesk ûndersyk

Yn maart 2015 hawwe wy op in kongres yn Valletta (Malta) oer twataligens in presintaasje jûn oer it ûndersyk. Tegearre mei Ljouwert is Valletta yn 2018 Kulturele Haadstêd fan Europa. Nei ôfrin fan it kongres hawwe wy in petear hân mei professor Sciriha. Professor Sciriha is tige ynteressearre yn it ûndersyk dat hjir dien wurdt en is op it stuit dwaande om op basis fan ús ûndersyk in fergelykjend ûndersyk út te setten nei it Malteesk en Ingelsk op sosjale media. It doel is om yn de takomst, yn de oanrin nei 2018, in fergelykjend wittenskiplik artikel te skriuwen oer de útkomsten.

Promoasjeûndersyk

Nei oanlieding fan it ûndersyk fan de ôfrûne jierren en de gearwurking mei prof.dr. Leonie Cornips yn it Twidentity projekt is ûndersykster Lysbeth Jongbloed-Faber in promoasjeplak oanbean. It promoasjeplak is in gearwurking tusken de Fryske Akademy en de Universiteit Maastricht en is op 1 novimber úteinset. De kommende fjouwer jier sil it ûndersyk nei it brûken fan it Frysk op sosjale media dus trochgean.

8. Konklúzjes en oanbefellingen

8.1 De ûndersyksfragen

Weromkommend op de ûndersyksfragen dy't wy yn it foar oan it ûndersyk steld hawwe, binne wy no by steat om de folgjende antwurden te jaan.

I. Hokker variabelen beynfloedzje it brûken fan it Frysk troch Frysktaligen op sosjale media? Hoe grut is de ynfloed fan de ferskate variabelen op it brûken fan it Frysk op sosjale media troch Frysktaligen? Hoe wurkje dy variabelen opinoar yn?

Ut it fragelistûndersyk docht bliken dat it brûken fan Frysk op sosjale media mei yntrinsike en ekstrinsike variabelen te krijen hat. De fariaasje kinne wy foar hast de helte ferklearje mei dizze variabelen, wêrby't de gearhing mei skriftlike kompetinsjes, it online publyk en de taalhâlding it grutste binne. Oan de iene kant hat it sosjale fermidden - mei wa giet ien om en prate syn freonen/kontakten ek Frysk - grutte ynfloed. Yndirekt kinne dy freonen ek ynfloed hawwe op in yntrinsike variabele, nammentlik de taalhâlding. It is faak sa dat as jo freonen posityf binne oer it Frysk, dat jo dat sels ek earder binne. En miskien sykje jo dêr jo freonen ek wol op út. Neist immens taalhâlding spilet ek de skriuwfeardigens in wichtige rol by de mjitte fan it Frysk brûken op sosjale media. Ut de fokusgroepdiskusjes komt fierder nei foaren dat net allinnich de hâlding foar it Frysk oer wichtich is, mar ek de hâlding foar it Nederlânsk oer. Wat moaier minsken it Frysk fine en wat minder moai minsken it Nederlânsk fine, wat grutter de kâns dat hja Frysk brûke sille op sosjale media.

II. Wat is de ynfloed fan Frysktalige rolmodellen op it brûken fan it Frysk op sosjale media?

De ynfloed fan Frysktalige rolmodellen op it brûken fan Frysk op sosjale media liket koartduorjend te wêzen. It brûken fan Frysk troch bekende Friezen trunet minsken oan om it Frysk yn in reaksje te brûken. Fryske tweets lykje wol geskikt om yn tarieding op in evenemint Friezen te aktivearjen; jo moatte dêr lykwols net te betiid mei begjinne, mar koart derfoar. De konklúzjes komme oerien mei it ûndersyk nei it effekt fan de Fryske Twitterdei.

III. Yn hoefier is it brûken fan de Fryske taal op sosjale media te fergelykjen mei it brûken fan minderheidstalen yn oare Europeeske regio's?


Der rinne by it skriuwen fan dit rapport noch ferskate ûndersiken dy't mear ynsjoch jaan sille op dy fraach. Wat wy op it stuit sizze kinne, is dat yn de literatuer oer it brûken fan oare minderheidstalen soartgelikense barriêres fûn binne om in minderheidstaal te brûken. 41% fan de respondinten jout oan minder Frysk te brûken om't hja graach wolle dat elkenien harren berjochten begripe kine moat. Dat komme wy ek yn oare lannen tsjin. Spitigernôch liket de beheinde skriuwfeardigens yn de eigen taal foar de Friezen de grutste drompel te wêzen om it Frysk net of minder faak te brûken, eat dat by oare minderheidstalen gjin rol spilet. De Friezen hawwe it wat dat oangiet dus dreger as oare sprekkers fan minderheidstalen. Nettsjinsteande dy drompel lykje de Friezen, as wy in ûndersyk út

Wales fergelykje mei de útkomsten fan ús ûndersyk, it Frysk op sosjale media net folle minder te brûken. De kommende jierren sille wy dêr hooplik noch mear ynsjoch yn krije, as yn ferskate oare lannen ús ûndersyk brûkt wurdt as foarbyld foar it sammeljen fan data oer dit ûnderwerp.

8.2 Taalkarmodel en oanbefellingen

It is dúdlik wurden dat der in hiel soad barriêres binne foar Frysktaligen om Frysk te brûken op sosjale media. Wy libje yn Fryslân yn in meartalige mienskip en de measte Friezen binne wend om nei it Nederlânsk oer te skeakelen sadree't hja in Nederlânsktalich persoan oansprekke. Dat meganisme is sa sterk dat soks ek yn online-situaasjes trochwurket. Fierder is de mearderheid fan de Friezen op skrift betûfter yn it Nederlânsk as yn it Frysk. Foar in hiel soad Friezen is dêrom Frysk harren sprektaal en Nederlânsk harren skriuwtaal. Hja binne harren dêr net iens bewust fan. Foar de minsken dy't harren wol bewust binne fan dizze 'bias' moat de motivaasje om it Frysk te brûken wol hiel sterk wêze om't it harren folle mear tiid kostet om goed Frysk te skriuwen yn stee fan Nederlânsk. Basearre op it ûndersyk dat wy de ôfrûne oardel jier dien hawwe, hawwe wy it skematyske taalkarmodel lykas presintearre yn haadstik 2, noch wat fierder útwurkje kinnen. It taalkarmodel stiet yn Figuer 8.1 en spilet him yn it deistich libben yn in pear milisekonden ôf.

Figuer 8.1 Skematysk taalkarmodel foar Frysk of Nederlânsk op sosjale media



Op ferskate plakken yn dit model binne foar de Provinsje Fryslân mooglikheden om yn te heakjen om it brûken fan it Frysk fuort te sterkjen. Per karmomint folge ien of meardere oanbefellingen.

Karmomint 1: De ûntfanger praat Frysk

Foar it grutste part fan de Friezen is de taal dy't de ûntfanger praat fan grut belang foar de taalkar dy't hja meitsje. It tal Friezen dat yn it Frysk kommunisearret mei minsken dy't it Frysk sels net prate, is tige beheind. De Provinsje Fryslân soe mei help fan in kampanje, bygelyks yn gearwurking mei Praat mar Frysk, ynsette kinne op de meartalige situaasje yn Fryslân. Minsken soenen it gewoan fine moatte dat de iene Frysk praat en de oare Nederlânsk. Wy fersteane inoar bêst en it soe moai wêze as wy it natuerlik fine om dy talen trochinoar en tsjininoar te brûken, en faker ús memmetaal doare te sprekken en te skriuwen. Ek yn it ramt fan Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018 en mear spesifyk it projekt Lân fan Taal lizze der mooglikheden om te besykjen dy situaasje te trochbrekken.

Karmomint 2: De ferstjoerder fynt it Frysk (folle) moaier as it Nederlânsk

De measte Friezen fine it Frysk moaier as it Nederlânsk en in grut part fynt it Frysk ek nochris folle moaier as it Nederlânsk. By de lêste groep minsken is de kâns ek it grutste dat hja it Frysk op sosjale media ek brûke sille. Minsken dy't it Nederlânsk hast like moai fine as it Frysk brûke yn ferhâlding folle mear Nederlânsk as Frysk. As wy wolle dat dizze groep minsken it Frysk ek mear brûke sil, sil de hâlding foar it Frysk oer positiver wurde moatte.

Op jonge leeftiid soe it bewust wêzen fan de bysûnderheid om in minderheidstaal te sprekken en twatalich te wêzen fergrutte wurde kinne, bygelyks yn it ûnderwiis. Minsken jouwe yn dit ûndersyk ek oan dat it better learen fan it Frysk in miste kâns west hat yn it primêr en fuortset ûnderwiis. Ek út de fokusgroepen komt nei foaren dat op guon basisskoallen it gebrûk fan Frysk yn de klasse net tastien is, sels net yn ynformele petearen tusken learlingen ûnderling. Dit hat ek ynfloed op de taal dy't de bern bûten skoaltiid mei-inoar brûke. De ûntwikkeling fan apps mei Frysktalige spultsjes, ferhaaltsjes en ferskes slút dêr ek goed op oan en dêr wurdt de lêste jierren al folop op ynsetten. De fersprieding en promoasje dêrfan soe noch wol wat better kinne. Ferskate minsken dêr't wy de ôfrûne tiid mei praat hawwe, witte net fan it bestean ôf.

In lytse groep Friezen fynt it Frysk net moaier as it Nederlânsk. It sil dreech wêze dy groep oan te trunen om it Frysk te brûken. It sil ek dreech wurde om by dy minsken de hâlding foar it Frysk oer te feroarjen. In feroaring yn hâlding sil by dy lju wierskynlik allinnich mooglik wêze as harren sosjale omjouwing feroaret.

Karmomint 3: De ferstjoerder kin Frysk skriuwe

De skriuwfeardigens fan de Friezen yn harren memmetaal leit gemiddeld sjoen fier achter by de skriuwfeardigens yn it Nederlânsk. Troch de dominante posysje fan it

Twatredde fan de dielnimmers hie it Frysk graach better leard.

Nederlânsk yn it reguliere ûnderwiis is dat dreech te trochbrekken en foar de measte folwoeksenen sil in kursus Frysk de iennichste mooglikheid wêze om it Frysk skriuwen yn de macht te krijen. De

Afûk biedt al jierren kursussen Frysk oan en hat sûnt in pear jier ek koartere kursussen ‘Skriu Mar Frysk’ op it programma, sawol groeps- as online kursussen. Wy tinke dat der grif ferlet is fan kursussen en dat in soad minsken der ek wol belangstelling foar hawwe (twa tredde fan de respondinten fan de enkête jout oan dat se graach better Frysk leard hiene), mar it kin allegearre noch wol wat tichter by de minsken. Om’t it dochs ek in sosjaal barren is foar in soad minsken, soe it oanbieden fan kursussen yn mear lytse plakken bêst slagje kinne. De kursuseders soenen dêr ek in foarlûkersrol yn spylje kinne, sy sitte ommers ferspraat oer de hiele provinsje en kinne de kanalen yn harren omjouwing. Ek it dêrby beheljen fan doarpskranten, lykas yn Littenseradiel al dien is, soe in mooglikheid wêze, sawol yn de kommunikaasje oer de kursussen as by it oanbieden fan kursussen oan dizze spesifike doelgroep.

Op YouTube hat Praat mar Frysk ek de wichtichste tûkelteammen yn it Frysk op in rychje setten. ‘Professor Henk’ lit yn de Skriu Mar Frysk-filmkes hoe’t jo Frysk skriuwe moatte. It filmke oer de tiidwurden is it populêrst en is goed twatûzen kear besjoen. Mar in soad oare filmkes, benammen dêr’t bekende Friezen en BN-ers yn ferskine, skoare better. Miskien dat it brûken fan in bekende Fries yn sokke filmkes yn stee fan in wittenskipper mear sukses hawwe soe.

Fierder falt der neffens ús in soad winst te heljen yn it ûntwikkeljen fan brûkersfreonlike digitale helpmiddels. Dy kinne dy Friezen stypje dy’t wol graach Frysk skriuwe wolle, mar dy’t it net sa goed kinne. De digitale helpmiddels dy’t al beskikber binne, lykas Taalweb fan de Fryske Akademy en benammen de ‘wat-wurd-it’-app fan Praat mar Frysk, wurde al troch in soad minsken brûkt, mar foar it automatysk oanfoljen fan wurden yn in WhatsApp of SMS is in oare technyk nedich. Sa’n app sil ek de minsken stypje kinne dy’t no gjin of net safolle Frysk brûke om’t it folle mear tiid kostet as Nederlânsk.

Tagelyk wolle wy hjir net neilitte om te ûnderstreekjen dat, ek al is it te let foar de folwoeksenen yn Fryslân, it ûnderwiis oan de basis stiet fan it wol of net goed behearskjen fan it Frysk. Wy komme hjirby werom op de oanbefellingen dy’t ek yn de rapportaasje oer it taalgebrûk fan Fryske jongerein oan de oarder kommen binne (Jongbloed-Faber, 2014). De kompetinsjes yn it Frysk moatte al op de basisskoalle ûntwikkele wurde. De groei fan it tal trijetalige skoallen is wat dat oangiet in tige positive ûntjouwing. Foar it ferbetterjen fan de kompetinsjes fan de jeugd soe it in goede saak wêze as mear leararen op it Fryske basisûnderwiis harren foech foar it Frysk helje, of yn alle gefallen de kursus ‘leargong A’ fan de Afûk folgje. Dêrtroch wurdt it brûken en learen fan it Frysk net beheind ta dy iene les Frysk yn de wike, mar kin it Frysk ferweve wurde troch alle lesstof hinne.

In oare oanbefelling om de kompetinsjes fan it Frysk te ferbetterjen is om it oanbod op it mêd fan Fryske berneliteratuer te fergrutsjen, sawol orizjinele berneliteratuer as oersettingen fan suksesfolle boeken út oare talen. De Afûk hat al in ferskaat oan Fryske boeken foar bern oant sa’n fjouwer jier, mar it tal geskikte boeken foar skoalgeande bern is net sa grut. Foar de foarming fan in Frysk wurdblyd binne boeken tige wichtich. It ynsetten op in grutter oanbod oan AVI-boeken bliuwt dêrom tige wichtich. Moaie Fryske berneboeken kinne learkrêften ek motivearje om it Frysk faker te brûken.

Karmomint 4: De ûntfanger skriuwt ek Frysk

Ut de data fan dit ûndersyk komt nei foaren dat in Frysk berjocht hast altyd mei in Frysk berjocht beäntwurde wurdt (92% fan de dielnimmers jout oan it iens te wêzen mei dy stelling). Wy Friezen meitsje dus sels it ferskil. Wat mear minsken yn it Frysk begjinne te appen, wat mear minsken ek yn it Frysk antwurdzje sille. It wurket as in sniebaleffekt. Praat mar Frysk hâldt him dêr fansels alle dagen mei dwaande, dus dy soe dat boadskip op in ludike wize yn it nijs bringe kinne.

Karmomint 5: De ferstjoerder fynt de sprektal wichtiger

Net elkenien is him bewust fan de frjemde situaasje dêr't wy yn Fryslân mei te krijen hawwe: wy prate Frysk mar skriuwe hast automatysk yn it Nederlânsk. In soad minsken hawwe dus ek noch noait neitocht oer de taalkar dy't se meitsje: it is foar harren fanselssprekkend om it Nederlânsk te brûken. Benammen de jongeren binne harren wol bewust fan dy kar. Guon jongeren sille in Nederlânsk berjocht fan in Frysktalich persoan konsekwint yn it Frysk beäntwurdzje wylst oare jongeren it de iene kear wol en in oare kear net dwaan sille, somtiden ek om 'e wille fan de tiid. It soe goed foar it Frysk wêze om alle minsken bewust te meitsjen fan dy situaasje. It is wol hiel wichtich dat soks net te 'belearend' dien wurdt. It plan fan Praat mar Frysk foar 2016 'Alle dagen in bytsje Frysk' slút dêr moai by oan.

8.3 In pear lêste wurden

Yn de oanbefellingen wurdt yngien op hoe't it Frysk mear brûkt wurde kin op sosjale media. Mar it giet fansels hielendal net min mei it Frysk op sosjale media. It Frysk is as skriuwtaal noch noait safolle brûkt, en dat is foar ús taal fansels in goed útgongspunt foar de takomst.

Referinsjes

- Androutopoulos. J. (2014). 'Languaging when contexts collapse: Audience design in social networking'. *Discourse, Context and Media*, 4-5, 62-73.
- Cunliffe. D. (2007). 'Minority Languages and the Internet: New Threats, New Opportunities'. By: Cormack, M.; Hourigan N. (ed). *Minority Language Media: Concepts, Critiques and Case Studies*. Clevedon: Multilingual Matters, p.133-150.
- Cunliffe. D. Morris. D. & Prys. C. (2013). 'Investigating the Differential Use of Welsh in Young Speakers' Social Networks: A Comparison of Communication in Face-to-Face Settings in Electronic Texts and on Social Networking Sites'. By: Jones, E.H.G.; Uribe-Jongbloed, E. (ed). *Social Media and Minority Languages: Convergence and the Creative Industries*. Bristol: Multilingual Matters, p. 75-86.
- Jongbloed-Faber. L. (2014a). 'Taalgebrûk fan Fryske jongerein op sosjale media.' Ljouwert: Mercator Research Centre.
- Jongbloed-Faber. L. (2014b). 'Social media: a treasure trove for minority language research'. By: Woodfield, K. (ed.). *Social Media in Social Research: Blogs on Blurring the Boundaries*. Edited by Kandy Woodfield. London: Natcen Social Research, p. 189-194.
- Jongbloed-Faber, L., Van de Velde, H., Van der Meer, C. en Klinkenberg, E.L. (forthcoming). Language Use of Frisian Bilingual Teenagers on Social Media. *Treballs de Sociolingüística Catalana*, 26 (2016).
- Marwick. A. & boyd. D. (2011) 'I tweet honestly, I tweet passionately: Twitter users, context collapse, and the imagined audience'. *New Media & Society*, 13(1), 114-133.
- Mentrau Iaith Cymru (2014). 'The Welsh Language and Social Networks'.
<http://www.btplc.com/newsadmin/attachments/the%20welsh%20language%20and%20social%20media%202014.pdf>
- Trieschnigg, D. (2015). Finding and Analyzing tweets from Limburg and Friesland. University Twente. [Powerpoint slides]

